

JIERFERSLACH KRÚSPUNT 2010 - 2011

- bestjoer
 - gearstalling en roaster fan ôftreden:
(Fjouwer jier is de termyn en men kin ien kear werbeneamd wurde)
 - 2011 Eelke Goodijk FOW
 - 2012 Warner Veltman FFF
 - 2012 Toos Reichman-Scheffer Beriedsgroep Earetsjinst
 - 2013 Douwe Gerbens KFFB
 - 2013 Tytsje Hibma Skriuwer YKFE
 - 2014 Liuwe Westra Foarsitter KFS
 - 2014 Piet Miedema Ponghâlder KFS
 - + Hinne Wagenaar (adviseur)
 - gearkomsten: 15 juny, 1 septimber, 19 oktober, 7 desimber, 18 jannewaris, 1 maart
 - wat stie der op de wurklist:

- 29 maaie jiergearkomste yn Balk:
kuier, presintaasje webstee, ledegearkomste KFS, lêzing en útstalling Liudger, fesper

- webstee:
 - nijsberjochten
 - top tsien
 - krystmateriaal
 - websides fan tsjerken
 - foarum

- útwikseling
 - kontakt oer de Fryske bibel op ynternet
 - kontakt mei Ried fan de Fryske Beweging en YKFE oer betinking Kneppelfreed
 - kontakt mei YKFE en Beriedsgroep Earetsjinst oer sjonggearkomsten

- aktiviteiten en ideeën dy't troch it bestjoer of oaren oandroegen binne en om útwurking freegje:
 - enkête oer it brûken fan it Frysk yn de tsjerken
 - nije CD mei Taizélieten meitsje (en b.g. ek lieten út Wylde Goes)
 - wurkje oan oersetservice (kontakt mei Afûk / Gysbert Japixhûs)
 - Krúspunt presintearje op de Ynspiraasjebeurs
 - kontakt mei en materiaal foar skoallen
 - berneliet fan 'e wike op Krúspunt
 - yntertsjerklike útwikseling: hoe giet it yn jimme tsjerken mei it Frysk?

- publisiteit:
 - webstee bekendmakke by pleatslike tsjerkerieden en liturgykommisjes
 - kontaktpersoanen yn de 7 PTN-classes dy't berjochten trochjouwe
 - nammekaartsje Krúspunt
 - minsken en organisaasjes freegje om stiper / dielnimmende organisaasje te wurden